

Gerben Rypma Stifting


Utnûging Kulturele Kuiertocht

Sneon 27 oktober 2018

'It ûntstean fan de Katolike enklave Blauhús'

We rinne ûnder oare it paad dat pastoar
Adam Petri yn 1651 ôflei, fan Hieslum nei it

Polderhús mei blauwe dakpannen wêr hy in skûltsjerke yn stichtte, en it doarp Blauhús ûntstie.
De rintocht giet ek troch de yn 1632 droechleine Sinsmar. En we fiere dat de hjoeddeiske Sint
Vitustsjerke 150 jier lyn boud is.



Graach fóar 18 oktober digitaal oanmelde www.gerbenrypma.nl > webshop €7,00 pp

Programma sneon 27 oktober 2018

13.00 oere **Start by de Sint Vitustsjerke**, Vitusdyk 27, Blauhús. In slach om de pastory, tsjerke
en hôf lâns it grêf mei it dûbele krús fan Gerben Rypma.

13.30 oere **Greonterp in slach om de toer**

15.15 oere **Tsjerke fan Hieslum**

Jan Pieter Dijkstra sil fertelle oer de
ferbyntenis fan Hieslum mei Blauhús, de
tiid fan pastoor Adam Petri. **In muzikaal
optreden fan Wiebe Kaspers (foto)**. Hy sil
twa moaie lieten foar ús sjonge.



Pypskoft mei kofje, tee en wat derby.

16.00 oere We gean wer op paad mei ûnderweis noch wat nijsgjirrige ferhalen. **Jan Reus**
fertelt oer de tiid, de jierren 60, dat hy op **de pleats "Marsain"** wenne, midden yn
it lân oan de Sinsmar. De pleats is yn 1966 sloopt.

17.00 oere Noflik romsitte yn kafee "De Freonskip" Blauhús.

De tocht is krapoan 10 kilometer. We rinne meast oer wegen en paden mar ek troch inkele
stikken lân.

Graach fóar 18 oktober digitaal oanmelde www.gerbenrypma.nl > webshop €7,00 pp